



Lyts Frisia

tydskrift foar fryske striid en literatuer

JIERGONG LVIII nûmer 3

septimber 2009

ISSN 0166-6029

Silerssankje

*'t Is wer de ljochte ierde, dy't ik fiel,
Myn slypstien is it sinnetsjil,
De himel leit te sparkjen.*

*Der brúst in wylde ûnrêst yn myn bloed,
Ik haw de seilen útset hjoed,
No giet it op in farkjen.*

*In rook fan 't fjild strykt om it roer,
It hea rûkt myld de mieden oer,
En 't fûgelt sjongt meldijen.*

*Is Venus sels net oan it baaien,
Dêr yn dat rûzjend bosk fan raaien?
Hie 'k dy mar oan 'e line!*

*Dat waait tsjin jûntiid leafde' wyn,
Dan sjit ik grif de snilen yn,
Dêr sil ik har wol fine!*

*O fiskjes, waskje jimme my de skonken,
Is 't weagebyt yn wetterfonken,
Of sylt dit op in frijen?*

Sjoerd Spanninga (1906 1985)

Ut Sjoerd Spanninga, Samle fersen, bes. troch T. J. Steenmeijer - Wielenga (1992), 97.

Samlers: foar kopij op papier, Piter Dykstra, Wykwei 4 8434 PG Waskemar; digitale kopij, abma.g@wanadoo.nl Fêste meiwurkers Bertus Postma en Rommert Tjeerdsma. Opmeitsjen en technyske fersoarging: Piter Dykstra. Einredaksje, dr. G. Abma, Plantage Doklaan 13, 1018 MC Amsterdam, E-meel: abma.g@wanadoo.nl. Lidmaatskip Jongfryske Mienskip ynkl. Lyts Frisia €7,50, inkeld LF €5.00. Giro 1069535 op namme fan Skathâlder Jongfryske Mienskip, Tj.H.Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum.

Snipers

Yn de foarige *Lyts Frisia* stiet in bydrage van S. Hiemstra oer it taalgebrûk fan mefr. Jetske Bilker yn har resinsjes, literêre nota bene, yn Fryslâns (haad)-blêd, de *Leeuwarder Courant*. Hy telde de flaters en die dat by manichten, stik foar stik sûnden tsjin de Fryske grammatika, it taaleigen en in floed oan Hollânismen. Ik ferwiis nei it neamde stik dêr't it oare part fan yn dit nûmer stiet. Fansels is de iene flater slimmer en opmerkliker as de oare; mei alle opmerkings fan S. Hiemstra is net elk it iens. Taal, de Fryske doch, is yn beweging, stiet ûnder druk en de ynfloeden fan it Hollânsk. De frage is, hoe fier wol men tajaan en meigean. Mar wêr't gongbere en brûkte wurden yn de eigen taal besteane, hat it gjin grevel sin en kom mei wurden fan bûten. Helendal net yn skreaune taal, noch it minst yn literêr wurk en resinsjes. Hoe kin soks sa? Witte de eigen redakteuren fan de krante net better, wolle se net better witte of wurdt oan ienige korreksje by dizze krante foarbygien. Ik wit it net, begryp it helendal net mar wit skoan dat soks yn elke oare taal folslein net yn te tinken falt. Tink ris ta, in resinsje yn in Nederlânske krante fan in sageseid literêr wurk. Stiiffol sûnden tsjin de taal, de grammatika, it wurdgebrûk oan de râne ta fol mei Anglisismen, Germanismen en wat net. Ik wit ek dat sa'n resinsje nei twa alinea's, wat sis ik, nei twa rigels, oan de kant skood wurdt mei it oardiel: ûnakseptabel. Nei twa wurden al. It is in kwestje fan respekt en leafde foar de taal en de lêzers. En fansels, de redakteuren fan de krante wolle nea en tenimmer te boek stean as hampelmannen/-froulju dy't soks passearje litte. Om fan de haadredakteuren net te praten.

Nochris, witte se op de krante net better. Fansels wol; men fernimt it oanhâldend oan it Frysk fan de eigen redakteuren. Ien fan harren wie sa freonlik inkele wurden te wijen oan bedoelde bydrage yn *Lyts Frisia* (L.C. 26 juny l.l.) . In mea culpa kaam net, it hoegde ek net. Wat kaam al? Antw: de skriuwer mei mei syn opmerkings gelyk hawwe hy kriget it net, 'fansels net'. As is de redakteur der suver grutsk op en wiis mei. Gean rêstich jo gong, resinsinte. Let neat wat der stiet, fout, heal fout, helendal, skriuw mar raak, fansels ál. Elke kritikus fan ferkankere taal hat miskien, kriget yn elk gefal net gelyk. It kin noch moaier, c.q. mâlder: '(...) Min Frysk is modern Frysk.' Wat in turf.

Ofsâlte mei in turf. De krante sil noait reitsje oan de stelling, it Frysk is in taal. Dat te bestriden komt tefolle lêzers op it sear. Mar dat de taal de krante en har redakteuren in blinders bytsje skele kin, moat men út it ôfsâltsjen fan dejingen dy't it spul minlike graach in bytsje kreas foar de hearen hawwe wolle en der noed mei hawwe, hast wol tinke.

--- o O o ---

Op 24 april 2009 waard yn *Tresoar* in gearkomste fan gelearden, ûnder wa fral argeologen mar ek oare wittenskippers, holden oer û.o. it saneamde *taffelstsje fan Tolsum*. In taffelstsje út de earste of twadde ieu nei Kr., yn 1917 op-groeven by in buorkerij ûnder Tolsum (by Frjentsjer) en beskreaun mei in bepaalde tekst. Doe wiidweidich bestudearre en beskreaun. Ek letter waard deroer skreaun en wreaun, de gelearden wiene it net alhiel iens oer wat krekt yn it hout krast wie. Foar leken bliuwt it by inkeld krassen, foar saakkundigen is it in tekst mei kreative ynhâld.

Nije techniken lykas bettere en skerper foto's, help fan ynfrareadbeljochting en kompjuters, kinne helpe de tekst hjoeddedei skerper te sjen as earder. Yndie hat it Fries Museum twa Oxfordse gelearden oer it plankje set en it ris-seltaat waard op neamde gearkomste foarlein. Nochal sensasjoneel. Hiene de lju altyd tocht, de tekst gyng oer it keapjen yn 29 nei Kr. fan in ko troch in Romeinsk keapman fan in Fryske boer, neffens de hearen út Oxford makket de tekst diel út fan in akte fan liening in foege hûndert jier letter.

It giet my net om de wittenskiplike implikaasjes fan it gehiel. Der is wat oars en mear oan de hân. De oanbelangjende Ljouwerter hearen fan Fries Museum en Tresoar hawwe har alhiel rjochte op, blyn silend op, wat hearen út Leijen en Oxford by te bringen ha en dêrby de bydrage fan drs. J.A.D. Zeinstra earst tsjinwurke en letter deaswijd. Wylst Zeinstra, earder learaar klassike talen oan it gymnasium fan Ljouwert, moderator fan in Frysk-Latynske lêsgroep en ek yn de FNP warber, oer it taffelstsje op eigen kosten twa publikaasjes útjûn hat. Hjiryn bringt er mei in macht fan arguminten en bewiisplakken út klassike teksten en ynskripsys út de âldheid by dat it hart fan de lêzing út 1917 oerein bliuwt en de sabeare 'nije' lêzing fan de learden út Oxford yn feite nergens op slacht. Lykas sein, sûnder werwurd fan de learden, sûnder ienich omtinken oan syn wurk en argumintaasjes.

It giet my net om it gelyk. Faai is it dat wurknimmers fan in provinsjale ynstelling blyn sile op gelearden fan bûten, ja, ja, Oxford, en in deskundige út de eigen provinsje net de help biede dy't lju fan bûten krije mar tsjinwurkje en deaswije. Dêr soene de Steaten fragen oer stelle kinne.

De einredaksje

Simmer

Skûtsjesilen, keatsen, hynstespullen en wat net, hawwe west. It wie simmer en yn in pracht fan dagen en tiid mochten wy it allegear meimeitsje. Dit alles is Fryslân en Fryske kultuer yn top op it langst (en moaist) fan de dagen. Dêrom dit fers fan de Snitser-Helderske dichter Sj. Spanninga. In dichter dy't net oan it persoanlike belibjen, it eigene foarbygiet en ek it waar, de loft, it lânskip achtslacht. As dichter, wurdt wol tocht, it meast besibbe oan en it bêst te fergelykjen mei J.J. Slauerhof.

Gongelstok

Ik bin mar yn dit koart bestean/ in iken stêf om mei te gean/ befike fan al mannich reis/ mar nei it grêf ûnderweis/ en moude ta myn klean.

Der wiene earder dichters, bygelyks Fedde Schurer, dy't hiele rymstikken út de holle koene; rabinen wiene by steat en sis de hiele *Thora* út de holle op. It sitearde fan Sj. Spanninga bliuwt it foar my by. Spitich.

De simmer bea mear hearlikheden. Te tinken falt oan de mânske útjefte mei de fertaling fan it 17^{de}-ieuske J.Milton, *Paradise lost*, fan Geart fan der Mear. In formidabele prestaasje oer opstân tsjin God fan Satan en ingelen út de himel, mei it hele stik troch behâld fan de oarspronklike fersefoarm, ferantwurding fan de dichterlike oanpak, taljochtsjende noaten en al. Miskien heart foar guoddens ek de lêste *Lyts Frisia* derta. Dan yn alle gefal net de bydrage op s.24-27 mei opmerkings yn ferbân mei W.O. 2. Der fier by troch. It tocht ús tefolle eare om dat der apart by te sizzen; dat hie de lêzer dêrsûnder wol begrepen. Graach net wer soksoarte of besibbe uterings.

Yn alle gefal in aardich oersjoch fan de 'state of the union' of: hoe leit it lân der anno 2009 yn de Frysk-kulturele saken hinne, stie yn *de Moanne* fan maaie l.l., 'Beweging ûnder de Aldehou'. De skriuwer, sjoernalist fan de L.C. Piter de Groat, sit no ienris tichter by it fjoer as immen dy't it spul fan fierderôf besjen moat. In moaie gelegenheid dus om jinsels byprate te litten en by te learen. Sa fernimt men bgl. dat de opfolger fan Goffe Jensma oan de F.A. noch net beneamd is, it Literêr-Histoarysk Wurkferbân yn 2005 'fan de iene op 'e oare dei ynsliept is' hommels ferstoarn, hjitte dat by âlds en dat it net ferkeard wie, dat de âld-direkteur fan de F.A. as haadskuldige oan de no nedige besunigings, it ferliende lintsje oan de Majesteit weromjoech. Ensfh.

Nijsgjirrich fral de wurden oer it Skriuwersbûn. 170 leden noata bene! Wat in rykdom, wat in kultuer ek. Wat kin men dêr net mei út 'e wei sette. Op de jubileumgearkomste, 40-jier bestien, wiene fiif leden sûnder funksje, leden dus sûnder mear, oanwêzich. It gappet hjir dus wider as it byt, leaver, it gappet ek net mear. De mearwearde fan it Bûn stiet fansels ek per definysje yn de kiif. Oars as materiële en juridyske betsjutting hat sa'n klub net; de provinsje hat no ienris gjin eigen juridyske of sosjale fersjennings foar syn skriuwers. En trouwens, wa is hjir skriuwer oars as dy't it graach wêze of hjitte wol. Mar fansels, mei sa'n kaartebak kin men ek kursussen opsette, optochten, feesten, in workshop mei in Hollânske skriuwdosint, kontakten mei oare taalminderheden en ynternasjonale minderheidssportmanifestaasjes lykas Lykle Jansma silger opset hat.

In prachtige simmer om by it begjin werom te kommen.

De einredaksje

of de 'frisofoby' fan Jetske Bilker (I)

Jetske Bilker as eksimpel

Yn har kritiken yn de Ljouwerter Krante stapt Jetske Bilker geregeld, sûnder hokfoar needsaak ek, oer ús taalgrinzen hinne. Se sjocht net op in hollânisme mear of minder. ¹ Boppedat krûpt se gauris it Frysk oan dat it tichtste by it Hollânsk leit. Sa'n taalgedrach kin omskreaun wurde as in foarm fan frisofoby.² Dat se it Frysk dêr bewust of ûnbewust ûnderstek mei docht, liket se net goed te beseffen of har der net bot om te bekroadzjen. Jetske har skôgings binne, yn alle gefallen wat it taalgebrûk oanbelanget, in 'trendbrek'. Se is foar my ien fan dy skriuwers dy't, om Teake Hoekema oan te heljen, de 'weg naar het kakhuis'³ yllustrearje en mei har skriuwwurk en skriuwwise it taalferfal yn de media befoarderje. Om de lêzer⁴ en kursist te ferdútsen wêr't ik it oer haw, binne in pear foarbyldsjes lang net genôch. Ik moat dat wiidweidich dwaan, oars liket it krekt oft it wol wat tafalt. En dat docht it net. Dêrom de libbene by de deade. Skerpje jo mar op ...

Opskerpers

Yn de lofter kolom set ik it kwattelwurk fan frou Bilker De oanhelle fragminten (stikjes sin) binne hjir en dêr út reden fan romte wat ynkoarte sûnder de es-sinsje oan te taasten en beslagge it tiidrek fan 29-09-2006 oant en mei 24-10-2008., d.w.s. 'min-gjin-Frysk', almeast leksikale It Hollânske wurd wurdt dan (fierhinne) oernommen; 'lekseem' is wurd. Frou Bilker hat lykwols ek lêst fan oare soarten ynslûpsels en makket gâns staveringsflaters. ynterferinsjes en oare frisofobe foarms, en yn de rjochter de geve wjergader(s). Hjir en dêr jou ik yn in noat as ferdúdliking. Alle foarbylden binne ek skoan te brûken as lesmateriaal yn Afûk-kursussen. Grif 'tot leringe' fan de kursisten.

¹Sûnt in krityk fan harres ein 2006 (Leeuwarder Courant, 29-09-2006) foelen my de kontrasten mei kundige skôgers as Wadman, Veenbaas, De Vries en Wind op en haw ik gâns foarbylden fan 'gjin- en bryk-Frysk' by frou Bilker sammele.

²Ferlykje fandatoangeande in bydrage fan de frisiste Tony Feitsma yn Fryx (jrg. 11/12), 1990/1991, nû. 2, s. 114-115), 'Frysofoby of frysismen yn it frysk'.

³T[eake] H[oekema], 'In te min achtslein aspekt by de literatuerbeoardieling' (Lyts Frisia, tydskrift foar Fryske striid en literatuer, jrg. XXXV, nû. 7-9, july-sept. 1986, 45-48). It artikel fan Hoekema is ek oan te klikken op: www.fryskebeweging.nl/ffu/poadium/poadium2005enearder. Sjoch ek myn artikel oer 'De kwaliteit fan it Frysk yn de media en by oare Fryske ynstellings (I-III)' (Swingel, nû. 19 o/m 21, 2007/2008).

⁴Dit artikel is yn 'e earste opslach skreaun foar Swingel, mar koe dêr omreden fan lingte gjin fol-slein plak yn krije. It kin sadwaande beskôge wurde as in rynske yllustraasje by en oanfolling op myn artikel yn Swingel (nû. 22, 2008, s. 14-20) oer De kwaliteit fan it Frysk yn de media en by oare Fryske ynstellings (IV). Dat lêste artikel is ek oan te klikken op it webstek fan de Ried fan de Fryske Beweging: www.fryskebeweging.nl (Swingel oanklikke) en/of op dat fan de FFU (Feriening Frysk Underwiis): www.fryskebeweging.nl/ffu/publikaasjes by 'Artikels en ynliedings fan Sytze T. Hiemstra (2008).

Min/gjin Frysk (Ljouwerter Krante, 2006-2007)	Geef Frysk/Standertfrysk
<i>In moaiprater, 22-06-2007</i>	
In polityk korrekt <i>gedachte</i> Troch <i>dit</i> soarte fan útspraken	polityk korrekt <i>tinken</i> <i>dat</i> soarte
hoe't er yn <i>wezen</i> neat seit	<i>wêzen</i>
hoe soene dy <i>trochfretten</i> huzebesiters dat <i>stoart</i>	de <i>fol fretten</i> huzebesitters dat <i>steurt</i>
<i>Lakunes</i> en flaters beynfloedzje it oardiel	<i>lakunen</i> ⁵
Der binne tefolle details dy't net <i>klopje</i> ⁶	dy't net <i>doge</i>
in barren dat net <i>plak fine</i> kinnen hat	dat net mooglik is/wie, net <i>foarfalle</i> kin/koe
Litte <i>wy</i> hoopje dat	Lit <i>ús</i> hoopje dat
<i>It hoecht net sa mâl, 06-07-2007</i>	
Yn hokker rjochting we de bundel pleatse om oan te jaan hoe swier it famke it hat,	yn hokfoar rjochting <i>oft</i> wy de bondel pleatse om oan te jaan hoe swier ⁷ <i>oft</i> it famke it <i>wol net</i> hat
mar it slacht <i>nergens</i> ⁸ op	mar it slacht op <i>neat/nearne</i> op; it roait <i>nearne (net) nei</i>
de lêzer <i>bliuwt</i> ⁹ <i>him ôffreegjen</i>	de lêzer <i>bliuwt</i> sitten mei de fraach wat; de lêzer sil net <i>ophâlde fan/mei</i> him ôf te freegjen wat
<i>yts</i> sa freeslik, dêr is de ein fan wei	in sa freeslik foarfal, <i>wat</i> freesliks, <i>eat</i> dat sa freeslik is
de frou moetet har geheime <i>geleafde</i>	geheime <i>beminde</i> , har <i>leafste</i> , de man dêr't se yn it geheim (temûk, stikem) fan hâldt/hold
de pine wurdt <i>oandikt</i>	<i>oerdreaun, oanset</i>
in <i>akuut</i> drama	<i>akút</i>
it <i>beste</i> ferhaal	<i>bêste</i>
<i>Homo yn Fiskersdoarp, 20-07-2007</i>	
Ake dy't <i>studearjen gie</i> ¹⁰ yn Brussel	Ake dy't nei Brussel <i>gie/gong om te</i> studearjen

⁵Sjoch oer wurden op sjwa (in stomme -e [ə]) in noat yn it earste artikel.

⁶Sjoch oer 'klopje' in noat hjirûnder.

⁷Sjoch oer it tafoegjen fan 'oft' de noaten hjirûnder.

⁸Sjoch ek Jan Stienstra, Taalpraatsjes (Afûk, 1986, praatsje 67, "Sis nea 'nergens'",) oer sokke frjemde ynslûpsels 'dy't keard en weromstjoerd wurde moatte'.

⁹Sjoch oer 'bliuwe' in noat yn it earste artikel.

¹⁰Yn it Hollânsk is it tige gewoan en ferbyn gean mei in ynfinityf sûnder help fan te: Ik ga trouwen; De machine ging draaien; Het is gaan regenen. Yn it Frysk hawwe wy fjouwer tiidwurden dêr't sa'n direkte ferbining wol gebrûklik is, ntl. mei lizze, sitte, stean en hingje. Dy tiidwurden slagge op hâlding fan it minsklik (of dierlik) lichem: J. gong hingjen (sitten, stean, lizzen). Bûten dy fjouwer moat it stopljocht almeast op read stean foar gean. *Studearjen gean (Ake dy't studearjen gie) is dan

<i>Hjir</i> ¹¹ is in skriuwer oan it wurd	<i>dêr</i> is
<i>Dit</i> wiermeitsje; dizze ¹² gedachte	dat; dy
<i>polisjoniële</i> aksjes	<i>polisjonele</i> aksjes
se ferbrekke ek no ¹³ en dan taboes	se ferbrekke no en dan ek taboes
dan wit men <i>hoe</i> men it opfetsje moat	<i>hoe't</i> men it opfetsje moat
mar ek dat ¹⁴ bart hjir net	mar <i>dat</i> bart hjir <i>ek</i> net
<i>Yn 'e wrâld fan 'e psychoaze, 07-09-2007</i>	
har libben <i>fanôf</i> ¹⁵ it momint	<i>fan</i> it momint <i>ôf</i>
mar <i>ek</i> folgje we Elke har <i>herinneringen</i> (2 x)	wy folgje har <i>oantinkens ek</i>
it is <i>sowieso</i> in toer	<i>yn alle gefallen, dochs al, no ienris in toer</i>
fansels wit Schotanus <i>dit</i> wol	<i>dat</i> wol
it perspektyf is de <i>kracht</i>	<i>krêft</i>

ek gjin Frysk, 'Ake dy't nei Brussel gie om [mei it doel om] te studearjen', kin wol. Gauris kinne wy ús skoan rêde mei sille: Myn âldste broer sil maaie trouwe.

Moat yn in sin it begjin fan in hanneling útdrukt wurde (in sin mei in ynchoatyf aspekt), dan past in konstruksje mei begjinne + te; Dat gemaal begjint aanst wer te draaien. It is fansels ek goed en skriuw: Dat gemaal sil aanst wer draaie. Of: Dat gemaal draait aanst wer.

In tredde manear om jin te rêden, is mei behelp fan gean + te: Wy geane te kuijerjen; Jimme geane net te swimmen, wol? Ik gean te aaisykjen. Om't de hanneling noch wêze moat, dus yn de (neie) takomst leit, kin men yn sokke gefallen ek sille + te brûke: Wy sille te kuijerjen; Jimme sille net te keatsen, wol? Ik sil te follybaljen.

Gefaarlik foar Hollânske beynfloeding wurde ek in steal saneamde ûnpersoanlike tiidwurden dy't yn it Hollânsk de help fan allinnich gean krije kinne. Dat binne tiidwurden dy't almeast de wurking fan waar en wyn oantsjutte, lykas: reine, waaie, tongerje, wjerljochtsje, frieze, teie, snije, hagelje, ensfh. It Frysk hat oare middels om it begjin of it yn 'e neiste takomst foarkommen fan sokke natoerwurkings oan te jaan: It begjint te reinen; It wol reine; It giet op in reinen; Der komt (rein)wetter; It wurdt in reinder; It siket om (rein)wetter. Wol mei der om tocht wurde, dat it yn ús omgongstaal net botte eigen is om te sizzen: *'Der komt rein' of *'Wy krije rein'. Wy ferbine it haadwurd 'rein' meastal mei 'wetter' of litte it sels alhiel wei. Mei de 'klimatologyske' wurden kin men dus yn haadsaak op deselde wize te wurk gean: It begjint te waaien; It wol frieze; It giet op in hageljen; Der komt teiwaar; It siket om snie, ensfh.

Party oare tiidwurdskonstruksjes, bûten de sfear fan waar en wyn, wurde op syn minst likefolle of mear bedrige. Tink oan bryk praat as: *'Wy gean yn 'e tún wurkjen' of *'Sille wy fiskjen gean?'. Of noch slimmer: *'Sille wy gean fiskjen'. As âlde fuotsokken strykt ek: *'Se gongen mei de priis (of: eare) striken'.

Wol tige Fryskeigen is de konstruksje mei 'hinnegean': Jimme meie wol hinnegean en set jim auto feilich yn de Akademytún; Lit ús hinnegean en fertel elts fan it skoandere wurk fan de Fryske Akademy; Soe men net hinnegean en wiis de media op al dy taalflaters dy't makke wurde?

As men yn it Hollânsk seit fan 'Het gaat (niet)' brûkt in Fries as it goed is 'It kin (net)' of 'It wol (net)'. De hoflikheids- of gewoantefraach 'Hoe giet it' kin better troch 'Hoe is 't' ferfongen wurde, want gean docht men eins op 'e fuotten.

¹¹Sjoch dêroer in noat yn it earste artikel of hjirboppe.

¹²Sjoch dêroer in noat yn it earste artikel of hjirboppe.

¹³De Hollânske folchoarder is 'ook nu', de Fryske krekt oarsom 'no ek'; it is dus in syntaktyske ynterferinsje.

¹⁴De Hollânske folchoarder is 'ook dat', de Fryske krekt oarsom 'dat ek'; it is dus in syntaktyske ynterferinsje.

¹⁵Sjoch foar *fanút en *fanôf in noat yn it earste artikel of hjirboppe.

'Ben je niet slap?', 05-10-2007	
de <i>herinnerings</i> dy't by in brief oanslute	<i>oantinkens</i> ; wat se har by it brief <i>tebinnenbringe</i> kin, wat har sa <i>byfalt</i>
dêr folget in beskriuwing fan hoe moai Auck dêr boartsje koe	hoe moai <i>oft</i> ¹⁶ Auck dêr [net] boartsje koe
it is wat <i>mostert</i> nei it miel	<i>moster</i>
<i>Nederlânstalige</i> brieven	<i>Nederlânsktalige</i>
Wa syn âlden yn dy tiid opgroeid binne, sil [...]	wa syn âlden <i>oft</i> ¹⁷ yn dy tiid opgroeid binne, sil in soad werkenne
hat de driuw field lytse details fêst te lizzen	<i>om</i> lytse details
in <i>net-fryske</i> stêd	<i>net-Fryske</i> stêd
der altyd <i>fanút</i> ¹⁸ gean	<i>fan út</i>
<i>Gedachten fan in motorman</i> , 21-09-2007	
<i>welk</i> súdlik distrikt?	<i>hok(foar), wat(foar)</i> súdlik distrikt?
de oernommen <i>herinnerings</i> fan	<i>oantinkens</i>
<i>kloppet</i> ¹⁹ dat wol?	<i>komt</i> dat wol <i>goed/klar?</i> , <i>doocht</i> dat wol?
<i>dit opienstapeljen</i> fan beskriuwende sinnen	dat <i>opinoar steapeljen</i> fan sinnen, <i>oaninoar breidzjen</i> fan sinnen

En dan dat hast oeral brike brûken fan 'je' yn it plak fan 'men': "Lykas by pozij, sykje *je* nei in ferbân tusken de rigels. Yn dizze ferzen bliuwe *je* stykjen, as *je* oannimme dat [...]" (21-09-2007). Allinnich de styl al ... Ik soe it net út 'e pinne krije kinne.

En wat te tinken fan gefallen út *De man yn 'e tonne* (19-10-2007)? Bygelyks: 'roastert er' (*roas°teret*), 'âldgrykse' (*Aldgrykske*), 'in Frânse tekst' (*Frânske*), 'no-teart er' (*notearret*), 'kul°turiele earmoede' (*kulturele*). Of út *Froulju allinne mar*

¹⁶Sit der in ferlykjend elemint yn in sin, dan kin 'sa gau as' ek as 'sa gau't/sa gau oft [er koe]' werjûn wurde. De 't yn ûnderskikkende ferbinings stiet foar dat, oft of as: hoe moai as/oft. Dus: 'der folget in beskriuwing fan hoe moai as/oft Auck dêr boartsje koe' (ferl. ek Popkema, 2006, s. 205-207).

¹⁷Sjoch ek de noat hjirboppe. It ûnderskikkende bynwurd 'oft' ferskynt as twadde lid fan ferbinings dy't freegjend binne, dus benammen as in bysin begjint mei in freegjende wurd of freegjende wurd-groep: Ik wit net hoe oft (hoe't) er it dien hat; wa oft dat dien hat; [...] hokfoar lju oft dat binne, [...] wannear oft se komt, [...] wêrom oft se it docht (ferl. ek Popkema, 2006, s. 205-207, 297-301).

¹⁸Sjoch in noat yn it earste artikel of hjirboppe.

¹⁹It Hollânske 'klopt dit wel?' mei yn it Frysk net oersetten wurde mei 'kloppet dat wol?' It is in pragmatyske ynterferinsje, dus in ynslûpsel op it nivo fan it wenstige taalgebrûk. It is yn striid is mei wat yn de oanbelangjende situaasje 'normaal' is. 'Kloppet dat wol' benderet net oan de situative noarm. It hie wêze moatten: 'Komt dat wol goed/klar, doocht dat wol?' It is in gefal fan ferkearde konverzje (omsetting).

'Klopje' wurdt almeast letterlik ferstien: Men kin op 'e doar klopje; in swolme finger kin klopje. It Hollânske 'dat klopt' wurdt dan ek net 'dat kloppet', mar 'dat komt út'. Mear fan dy konverzjes binne: 'Het is zonde! (nt: *It is sûnde; wl: It is skande/in griis); Verboden toegang (net: *Ferbeane tagong; wol: Tagong ferbean); Geloof dat maar! (net: *Leau dat mar!; wol: Tink dêr mar om! Dêr kinst op rekkenje!); Wel te rusten (net: *Wol te rêsten!; wol: Sliep lekker!/Nacht!) (ferl. ek P. Breuker, S.T. Hiemstra e.o., Foar de taalspegel (Afûk, 1984, 19922, s. 16-17) en P. Breuker, J. Hoekstra e.o., Bydragen ta de didaktyk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis (Frysk Ynstitút RUG/AFUK, 1982, s. 63).

op jild út (09-11-2007): de fraach is ofst ('oftst'), 'Deensk en blond' (ljocht hier; blûn). Frou Bilkert 'fynt' yn dat stikje ek noch tefolle: 'guon dy't *fine* ²⁰ dat Fryske boeken [...] (guon dy't *tinke* dat).

Sa stadichoan wurdt ús de gong fan frou Bilker nei it 'kakhuis' dúdlik. By it einsluten noch wat taal- en staveringsôfeart út har 'Anne Wadman troch it each fan Steven de Jong' (LC, 30-11-2007) ²¹: ien *ôfbakene* ûnderwerp (ôfbeakene, ôfgrinzge), *foaroarlochse* (foaroarlochske), *terjochte* (mei rjocht), *Nederlânse* (Nederlânske; Bilker skriuwt wol *Fryske* en net *Frise*), der sit gjin grutte *lijn* yn (de grutte *line* mist), De Jong *ynterpreteart* (yntepreterret), *Ek* net-wittenskiplik is it haadstik oer it eksistinsjalisme in djiptepunt (Net-wittenskiplik besjoen is it haadstik *ek* in djiptepunt [...]).

Ein 2007 tocht ik dat ik it measte ûnrant yn frou Bilkert har LC-stikjes wol fûn hie en dat har skôginkjes fan 2008 grif net folle nije gefallen opsmite soene. Dêr wie 'k mis mei. Alde ge^ofal^olen (sjoch boppe) lit ik no, op in pear nei, mar gewurde, dy wiene der ek noch by de rûs. Sadwaande jou ik hjirnei benammen noch in nustke nije *opskerpers* út dat lêste jier.

Min/gjin Frysk (Ljouwerter Krante, 2006-2007)	Geef Frysk/Standertfrysk
18-01-08	
De bern meie fergees <i>mei</i> de boat <i>mei</i> ²²	De bern meie fergees <i>mei</i> de boat
12-04-08	
de struktuer wurket <i>averjochts</i>	(<i>dwers</i>)ferkeard; <i>earslings</i>
25-04-08	
de administrative <i>kracht</i>	<i>krêft</i> [ek yn 30-05-2008]
<i>frijsênes</i>	<i>frijsênen</i>
16-05-08	
in <i>ûnheilspellende</i> sfear, <i>wêr't</i> je net altyd wat mei kinne	in <i>driigjende</i> sfear, <i>dêr't</i> men net altiten wat mei kin
De skriuwster sit oantangele mei <i>har bronnen</i>	<i>boarnen</i>
20-06-08	
Mar <i>helaas</i>	mar <i>spitigernôch</i>
De <i>oerspeligen</i> krije	de <i>troubrekkers</i> krije
15-08-08	
in skoalmaster mei ' <i>verfroegd</i> pensjoen'	in skoalmaster dy't <i>earder</i> (<i>betider</i>) mei pinsjoen gongen is
in moedige <i>poging</i>	in moedich <i>besykjen</i>

²⁰Sjoch dêroer in noat yn it earste artikel of hjirboppe.

²¹Steven H.P. de Jong, Ta in hichte, of de balke yn eigen each. Monografy oer it literêre wurk fan dr. Anne Sybe Wadman (Ljouwert: Frysk en Frij, 2007).

²²Letterlike oersetting fan it Hollânske: 'De kinderen mogen voor niets met de boot mee'; twa kear mei doocht yn it Frysk net: Se geane mei de bus (trein, boat, it fleantúch); 'Ga je met mij mee?', Giesto mei my?; 'Mag ik met je mee?', Mei ik mei dy?

dat se sa gau mei Jurjen <i>tegearrewen-jen gien is</i>	<i>dat sy en Jurjen sa gau byinoar wennen</i>
dat liket <i>de</i> boadskip te wêzen	<i>it</i> boadskip
05-09-08	
dat ferskynsel algemiener <i>benaderje kinne</i>	dat ferskynsel algemiener <i>oanpakke (besjen)</i> kinne
10-09-08	
wat manlju beweecht en <i>ek hjir</i>	en <i>hjir ek</i>
26-09-08	
It <i>oerkaam</i> Cornelis van der Wal	<i>it kaam</i> CvdW <i>oer</i>
Hy koe net <i>om</i> de brieven <i>hinne</i>	Hy koe net <i>foar</i> de brieven <i>wei</i>
It <i>belachlik</i> meitsjen fan pommeran- <i>ten</i>	<i>it bespotlik</i> meitsjen
in <i>lollich</i> boekje	in <i>grappich</i> boekje
de <i>lotgefallen</i> fan in Fryske dichter	de <i>wederwarichheden</i> fan in dichter
10-10-08	
in wichtige ferhaallijn	in ferhaalline; in <i>tried</i> yn it ferhaal
<i>nei</i> myn miening	<i>neffens</i> my
dy relaasje ferrint <i>flekkeleas</i>	har ferhâlding is <i>ûnbesprutsen</i> , is <i>sûnder wryt of slyt</i> ; se hawwe in <i>su-vere</i> relaasje
24-10-08	
it is in <i>ûntroerend</i> boek	in <i>oandwaanlik</i> boek
Dy't <i>ûndanks</i> har ôftakeling	dy't <i>nettsjinsteande</i> har ôftakeling

Oant safier foar 't neist de measte 'djiptepunten' dy't ik oantroffen haw yn it krityske wurk fan frou Bilker yn de *Leeuwarder Courant*. Ik bin blykber net alhiel de iennichste. Jant van der Weg, in kollega-kritika fan frou Bilker dy't yn it *Friesch Dagblad* skriuwt, kin de bonken en bonkjes ek wol fine. Frou Van der Weg skôge bygelyks ek de Fryske oersetting fan in boek oer Harry Potter fan frou Bilkert²³ Wat eufemistysk skreau se: "Wol is dy oersetting net oer alle boegen slagge. Sa bliuwt men bygelyks hieltyd heakjen by it Nederlânsk-Fryske wurd 'yts' dat konsekwint brûkt wurdt ynklusyf it mâlbearende 'sayts'. Dan giet jin even de grize oer de grouwe. Nedich hie dat net west, te mear as men sjocht hoe't op oare plakken minder gongbere Fryske wurden brûkt wurde."²⁴

Boppe haw ik gâns fan dy 'mâlbearende' foarbylden oanhelle. Dêr giet jin de

²³J.K. Rowling, Harry Potter en de Stien fan 'e wizen (Ljouwert/Utert: Bornmeer. Oersetter: Jetske Bilker)..

²⁴Jant van der Weg, 'Bestseller Harry Potter yn it Frysk' (Friesch Dagblad, 15 sept. 2007, 'Snein-spetiele', s. 39). In alinea fan harres dy't dêrby oanslút, is likegoed kritysk: "It gedicht fan de Sortearhoed is yn de Nederlânske oersettings gâns better slagge as yn de Fryske. Yn dy lêste is dúdlik wraksele om in goed ekwivalint te krijen, en allinne al it feit dat men dêr as lêzer weet fan hat, sprekt net foar de kwaliteit. In letterlik út it Nederlânsk oersette sin as 'wat harren de glimk fan harren snút ôffeie sil', is net echt fraai, krekt likemin as 'frûnsjend' foar 'fronsend'." Ik haw dêr de foarholle ek by fronsele.

grize likegoed fan oer de grouwe. Men bliuwt der yndied yn heakjen. Ik haw se kreas byinoar swile út literêre kritiken. Kritiken dy't ek noch wol foar *grutte* minsken ornearre wiene. It binne ornaris net de minst skrandere lju dy't sokke stikjes lêze. Alles ta skea fan de kommunikaasje tusken skriuwer en sokke lêzers. Ommers, *heakjende* lêzers bliuwe stykjen en hawwe amper each foar de ynhâld as de foarm net doocht. It halo-effekt²⁵ docht dan as fanselsprekkend syn destruktif wurk. Fryskkundige lêzers *heakje* sadwaande domwei ôf. Se wolle Jetske har wei nei it 'kakhuis' net langer begean.²⁶

Ik doar har Potter-oersetting dus amper iepen te slaan. Frou Bilker tinkt sels dat se der goed oan docht om de taal fan de bern oan te krûpen. Se wol tusken Frysk taaleigen en de taal fan 'de' bern yn sitten gean. En komt dan blykber út by alderlei soarten ynterferinsjes. Se liket mar net yn te sjen te kinnen dat 'geef' en 'dreech' yn it Frysk net itselde is.²⁷ Goede skriuwers en oersetters kinne ek sûnder hollânismen wurk meitsje dat aardich flot te lêzen is. By de útjouwer (Bornmeer) moatte se harren noch mar ris efter de earen klauwe, foardat se it ljocht op grien sette foar noch mear fan sok taalûnrant. Jimme begripe it sa njonkelytsen wol. As ik útjouwer wie, dan makke frou Bilker by my gjin inkelde kâns.

Frou Bilker soe it wurk fan Waling Dykstra, Douwe Kalma, Douwe Tamminga, Hotze Tsjepkema, Jarich Hoekstra en Jan Popkema der noch ris op neislaan moatte, om har kennis fan it Fryske taaleigen en de taalregels fan it Frysk te fergrutsjen en te ferbetterjen. In goed wurdboek soe ek net ferkeard wêze. Lykas in staveringsboekje. Der binne yn en foar it Frysk genôch boarnen op it mêd fan 'styl en staving'²⁸ dy't noch alle dagen har wearde bewize (kinne).²⁹

²⁵'Halo' betsjut letterlik 'strielekrânse'. Der wurdt fan in halo-effekt praat as bykomstige skaaimerken in 'útstrieling' (d.w.s. in steurende ynfloed) hawwe op in beoardielingsútkomst. Dat kin bygelyks trochdat de skriuwer fan in tekst taal- en staveringsflaters makket.

²⁶Jetske har mûnling taalgebrûk is al net folle oars as har skriftlik hantearjen fan de taal: "Jetske Bilker: 'De reaksjes op de Nederlânske dreuzelsite wiene hiel fûl. Guon fûnen it belachlik [Neffens guon wie it bespotlik/healwiis]. Mar der wiene ek minsken dy't it hartstikke leuk fûnen [dy't ornearren dat is o sa moai wie!.'" Oanhaal út Sietse de Vries, 'Swurkbal spylje op Swiniastate' (Leeuwarder Courant, 22-06-2007, 'Freed', s. 22).

²⁷Jetske Bilker yn in artikel fan Hedwig Terpstra mei de titel 'Jetske Bilker (1960) oer har oersetting fan Harry Potter yn it Frysk' (NO, BOEK, nû .21, aug. 2007, s. 35): "Fernimst ek dat yn dizze tiid in hiel soad echt Fryske wurden en foaral útdrukkings yn ûnbrûk reitsje. Hearst hieltyd minder echt Frysk taaleigen om dy hinne. Dus dan is it gjin wûnder dat de bern en de jongerein dat taaleigen net iens mear kenne of werkenne. Dêr moatst wat tuskenyn sitten gean: tusken moai sfearfol Frysk taaleigen en de taal dy't net te fier fan de bern ôf stiet."

²⁸Ferl. ek D.A. Tamminga, Styl en Staving. Hûndert styl, tael- en stavingsoefeningen foar Gymnasium, Lyceum, H.B.S., Kweekskoalle, Lânbouskoalle, Utwr. Leg. Underwiis en leargongen (Grins/Batavia: J.B Wolters' Uitgeversmaatschappij N.V., 1948).

²⁹Om mar ris wat te neamen: Tamminga, D.A., Op 'e taelhelling. Losse trochsmeden fan Frysk taellibben, I (Boalsert: Osinga, 1963); Tamminga, D.A., Op 'e taelhelling. Losse trochsmeden fan Frysk taellibben, II (Boalsert: Osinga, 1973); Tamminga, D.A., Kantekers. Fersprate stikken oer taal en literatuer (Grins: S.F. FYRUG, 1985); Kalma, D., Freegje mar fierder! In ynliding ta it Fryske taeleigen [foarste dieltsje] (Boalsert: Osinga, 1943); Kalma, D., Ken jim Frysk! In samling Frysk Taeleigen foar leargongen en selsstúdzje (Drachten: Laverman N.V., 1948); S.W. Douma [= D. Kalma], Frysk taeleigen-boekje I. It túch der út! (Drachten: Laverman, 1946, Rige Lytse Paedwizers - 2); S.W. Douma [= D. Kalma], Frysk taeleigen-boekje II (mei kaei). It goede krûd (Drachten: Laverman, 1946, Rige Lytse Paedwi-

KAFEE 'ROM SICHT' (10)



Eltse lêste freedtejûn fan 'e moanne giet Fetse Friesema nei kafee 'Rom Sicht' om mei de maten Geart Gelyk, Minne Modern en Watse Wetich de tastân yn 'e wrâld yn it algemien en yn Fryslân yn 't bysûnder troch te nimmen.

Rommert Tjeerdsma

It liket wol as sil Fetse der fuortdalks ynbaarne, as de maten teplak sitte. Hy kin amper wachtsje oant Boate de earste konsumpsje foar de mannen del setten hat. Der sit him wat dwers, dat is dúdlik.

'Do sjochtst sa grimmitich as in boarre dy't yn maart net bûtendoar mei,' konstatearret Geart.

'Ik wie juster sa lulk dat ik ha fan-nacht gjin wink yn 'e eagen hân,' set Fetse útein, 'en ik bin it noch!'

Dizze meidieling moat it oansittend laach, al priuwende, earst eefkes ferwurkje. 'Wat no,' freget Minne, dy't graach nocht oan ûnnocht hat, 'spul mei 't wiif hân?'

Dit sizzen is Fetse net iens de muoite wurdich om dêr antwurd op te jaan. Hy nimt in slok Bearenburch en

zers - 3); Tsjepkema, H., Efkes taelbuorkje (Ljouwert: Koperative Utjowerij, 1978); Tsjepkema, H., Efkes taalbuorkje II (Ljouwert: Koperative Utjowerij, 1997); J.K. Dykstra, Op 't aljemint, in samling taaleigen (Ljouwert: Fryske Akademy/AFUK, 19782); O.H. Sytstra en J.J. Hof, Nieuwe Friesche Spraakkunst (Leeuwarden: R. van der Velde, 1925) mei dêryn opnommen in treflike 'Idiomatische Woordenlijst' (s. 178-274); Jarich Hoekstra, Taalsnipels (Friesch Dagblad, 1986-1993, bondele en yn ienfâldige foarm yn eigen behear útjûn en ferspraat); J. Stienstra, Taalpraatsjes (Ljouwert: Afûk, 1986); Rienk de Haan, Mei freonlike groetnis. Skriuwwizer mei stekwurden en foarbylden (Ljouwert: Taalbuero Fryske Akademy, 1995); S.T. Hiemstra (einred.), J. Stienstra, G. de Vries en J.W. de Vries, De Stipe (Ljouwert: Afûk, 1982, 20055); P. Breuker, S.T. Hiemstra e.o., Foar de taalspegel. Koart oersjoch fan Hollânske ynslûpsels yn it Frysk (Ljouwert: Afûk, 1984, 19922); Dick Eisma en Jan Popkema, Tiidwurden (Ljouwert: Afûk, 1989, 20006 [revisearre printinge]); Jan Popkema, Grammatica Fries. De regels van het Fries (Utrecht: Uitgeverij Het Spectrum B.V, 2006, Prisma taalbeheersing); Pieter Breuker, Jan Griffioen, Jarich Hoekstra e.o., Bydragen ta de didaktyk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis (Grins/Ljouwert: Frysk Ynstitút R.U.G./AFUK, 1982; benammen de haadstikken 4 en 5); Sytze T. Hiemstra, Kursus Frysk skriuwen [10 lessen], û.o te finen op: www.fryskebeweging.nl/ffu/publikaasjes/skriuwkursusfrysk.

ferfettet: 'De Fryske Steaten binne hjir mandélich oan!'

'De Fryske Steaten?' freget Geart fernuvere, 'hoe dat sa, hoe komst dêr by.'

Minne sjocht Fetse ek ferheard oan, mar Watse giet in ljocht op. 'Do bedoelst blykber dat stik yn 'e krante,' ornearret er, 'wat stie dêr ek al wer boppe, soksawat as 'aanvalsplan valt verkeerd' is 't net sa?'

'Dwingende toon aanvalsplan Fries valt verkeerd,' grânzget Fetse, 'moatst neigean, nei in pear ieuwen kontslikjen en op 'e knibbels lizzen wurde der einlings in pear reedlike easken steld en wat is de reaksje It is dwers troch alles hinne!'

'Wêr giet dit eins oer,' seit Minne, 'ik lês noait in krante, ik sjoch sa út en troch wol eefkes op it ynternet.'

'Ja, dat is te fernimmen,' reagearret Watse, 'dan bliuwst wol aardich op 'e hichte sa te hearren.'

Minne hellet de skouders op en seit dat it krantelêzen him tefolle tiid kostet en dat soks ek net mear fan dizze tiid is.

Fansels wolle de oaren dêr wer tsjin yngean, mar Fetse leit it near dêrop.

Hy set de lege romer mei in klap op 'e tafel en set útein:

'Ik sil it útlizze, der is in plan makke om de delgong fan ús taal op te kearen. Yn myn eagen in goed plan, want it is om te gûlen, sa min stiet it dermei ús ieuwenâlde sprake foar. Ast tsjintwurdich bern praten hearst springe dy de triennen yn 'e eagen. De folgoarder fan tiidwurden wurde om-draaid, frjemde Ingelske en Hollânske wurden wurde sûnder needsaak troch

de taal mjokse as is it mar neat '

'Dat kinst dy bern net kwea-ôf nimme,' falt Watse him yn 't wurd, 'it is harren nea goed leard'

'Ja, dêr giet it no krekt om,' ferfolget Fetse, 'it plan wol it Frysk op 'e skoallen ferplicht stelle en fierder moat in elk dy't yn it iepenbier bestjoer, de sûnenssoarch en de rjochterlike macht wurket de taal behearskje. It hie hûndert jier ferlyn al moatten, mar einlings sil it dan no ris wat wurde. It is fiif foar tolven, as der no neat bart is it te let en is ús sprake foar altyd nei de barebysjes.'

No dat is dochs in moai plan, 'reagearret Geart, 'wêr makkest dy dan sa drok om.'

'Ik meitsje my drok om de manier wêrop't dit plan ûntfongen wurdt,' ropt Fetse alhiel op ien ein.

'De wenstige dwersbongelers steane al wer klear om dit plan de grûn yn te wâdzjen. Der wurdt fuortdaliks wer eamele oer de toan dy't har net befalt en 'dwang zal averechts werken.' Dat it sûnder ferplichtings al ieuwenlang 'averechts' wurket, dêr heartst dizze heale soalen net oer!'

'No mar wat kalm oan,' seit Boate, dy't der krekt bylâns sil om de gleskes by te foljen, 'tink mar in bytsje om dyn hert, do hast mar ien.'

'Ja, do hast gelyk, 'antwurdet Fetse, 'mar as ik soks lês, dan wurdt myn bloed sûpe. Wat by oare minderheidstalen yn Europa al lang by wet regele is moat hjir noch altyd by de helsdoarren weikomme. De weiten hinnen, fan tuike-tuike en wy moatte foaral net oerdriuwe, stekke ús hjir ivich en erflik in stôk tusken de

skonken en smite dwerse kneppels.’

As in elk wer in farske konsumpsje foar him stean hat seit Watse: ‘It falt my alle kearen wer op, ek lêstendeis wer mei it werom bringen fan de âlde doarpsnammen yn Menameradiel. De krante swilet wat tsjinstanners byelkoar en lit se mei wat domme arguminten dy’t nearne op slane oan it wurd. Mar, sizze de measte tsjinstanners der steefêst efteroan: wy binne och sa foar it Frysk en de taal moat wol bliuwe.’

‘Ja,’ seit Fetse, ‘dat docht my tinken oan dat sechje fan Jurjen Winterbaarch. De man kaam op ‘t lêst wat yn ‘e bernskes en at er dan in strieljager yn ‘e loft oankommen hearde rôp er altyd: ‘It kin my neat skele at sa’n ding op ús doarp deldondert, mar de huzen moatte fansels wol stean bliuwe’

‘It sil wol wer in slap en heal-slachtich kompromis wurde,’ sombert Watse, wylst er it lêste sterke focht út it gleske sûget, ‘of der moat earst wer in kroade fol rapporten oer skreaun wurde. Dat duorret dan wer in manich jierren, dan hat ús taal wylst moai de tiid om dea te gean.’

‘En dan allegearre mar oer op it Anglo-Amearikaanske Hollânsk,’ follet Fetse oan, ‘datst alledueren op radio en tillevyzje hearst.’

‘Dat is sa,’ seit Geart, ‘mar yn Hollân hawwe se teminsten noch in ‘Stichting Taalverdediging’ dy’t de striid oangiet tsjin de fertutearzing fan de taal. Soks soenen wy hjir yn Fryslân ek skoan brûke kinne.’

‘Dan moatte jimme it dêr de oare kear mar ris oer hawwe,’ jout Boate oan, ‘want it is no de heechste tiid.’

B.J. Postma:

Safolle wurden om in pear letters

Der wurdt in bulte skreaun fan oerheden, kranten en streekblêden, banken, makelders, ensamear. En neigeraden dat minsken mear skriuwe, flaterje se mear. Dat dogge se benammen yn it hollânsk. ‘Nederlanders kunnen geen correcte zin meer schrijven’.(LC 14 maart 2008) De frage, ‘wêrom dan net yn de lânstaal?’ haw ik nea gjin andert op krige. Yn gâns hollânske teksten wurde de doarps- en wetternammen ferkeard stavere. De neisoarch fret oeren en skyt argewaasje. It wie fan ‘e wike wer allegearre drokte.

Bertus Postma

1. It Opsterlanner kolleezje sit sûnder Hoofd Gemeentebedrijf, der moat in nijenien komme. Yn de personielsadvertinsje priiz-

get it syn gemeente wakker oan, ‘gemeente in de Wouden’, ‘gemeente in Friesland’, ensamear.(LC 30 maaie) Oan it kolleezje: ‘Yn hokker lan leit

jim Opsterlân? Guon fan jim sille sizze 'yn Nederlân', oaren 'yn Fryslân'. Beide antwurden binne goed. Mar wêrom skriuwe jim dan fan 'in Friesland'? (...) Yn de steategearkomste fan desimber 1995 is op in demokratyske manear de eigentalige namme 'Fryslân' oan de Friezen weromjûn. It is saak, dat jim jim oan dat steatebeslit hâlde.'

2. By it ferstjerren fan in Boarnsterhimster Friezinne hiene de neiste sibben en de famylje eigentalige advertinsjes yn de krante. (LC 27 april) De deis dêroan kaam it Grouster gemeentehûs mei in frjemd- taligenien oansetten, fan de tydlike boppebaas Baas en de siktaris ûnderskreaun.

Oan it kolleezje: 'Guon hawwe der nocht oan om in stikje taalstriid ban te gean. Eigen nocht oan oarmans ûnnocht, net sa foarnaam.' Baas, politike maat fan Nijpels, âldsteatelid, âlddeputearre, âldboargemaster yn Dokkum en no boargemaster yn Grou, moat fan de folkstaal nul en neat hawwe.

3. Yn Stiens wennet de Underwiisgroep Fier, stêfburo foar 19 skoallen yn fjouwer Middelseegemeenten. Fier siket om in nij haad fan de Koarnjumer

IBS-skoalle 'in Cornjum'.

Oan it kolleezje: 'Yn de Ljouwerter fan 16 maaie stie in advertinsje fan Fier(= Fjouwer?) mei deryn twaris de (...)doarpsnamme Cornjum. Ik wit net oft dat dommens of dwersens of dommens èn dwersens wie. Boppedat wie Fier syn fiertaal ek net alles, tinkt my. Brûke net trije fan de Middelseegemeenten har eigen taal yn de advertinsjes? Soene jim dat Fierfolk der op wize wolle, dat it oan beide fronten bûten de pot pisse?' ³⁰

4. Jan Germs hat it Deiblêd op it harspit nommen. It hat folk yn 't wurk, dat Mildam en Mullum net útinoar hâlde koe, it boulân njonken Skiphol, dêr't in Poalske fleanmasine delsaaide,greidlân neamde, en fan Marssum it haadplak fan Menaldumadeel makke. Fer slaggen fan FNP- en KFFB-gearkomsten en skôgings fan Tryartertoaniel wurde gewoan yn it hollânsk skreaun. 'It Deiblêd ferfrjemdet fan de taal fan syn lêzersfolk.'(De Fleanende Krie, maaie)

Oan de FD-haadsamler: '(...) ik stjoer it -Germs syn leksum, BJP- jo ta om't jo better it (ûn)ge1yk fan de skriuwer beoardielje kinne.' Kooistra mei Germs syn wierheid (nòch) wol-

³⁰Rûnom treft men guon dy't se stomme graach de rolle fen spu1tsjebrekker spylje wolle. Fan de trije Middelseegemeenten mei Fryske personielsadvertinsjes wiene de seisde fan juny noch twa oer: de gemeente Menaldumedeel is op zoek naar een Beleidsmedewerker riolering en water/Civiele techniek. En dat, wylst se yn Menaam de 'Yntinsjeferklarring Frysk taalbelied fan 15 novimber 2006' tekene hawwe. Ut de teheakke fan dy ferklarring: it gemeentebestjoer stribbet in aktyf Frysk taalbelied nei op de folgjende punten: advertinsjes(...). Foer foar de politike maten yn de rie!

ris ûnder eagen krije.

5. Yn de Stienzer Omropper fan 27 april stie op side 2 fjou-werris de namme Cornjum, ienkear Alde Leije, ienkear Veenwouden, ienkear Finkum, ienkear Nij Altoena en ienkear St. Annaparochie.³¹ De redaksje is der op wiisd.
6. De Rabobank Ljouwert Noard-west-Fryslân hie alris skreaun, 'de meiwurkers fan ús ôfdieling PR en Kommunkaasje binne hjir op -op de kreative skriuwwize fan de plaknammen, BJP- wiisd en ha tasein, dêr de kommende tiid ekstra skerp nei de sjen.' Oan de direksjefoarsitter: 'Dochs is it yn jim fearnsjiersskrift, Dichter-bij fan fan 't maaitiid noch net sa't it wêze moat, 'Cornjum' op side 7 en 'Friesland' op siden 8 en 17.' Mar ik hie noch wat foer de bankbaas: 'Ik haw jo yn in Ljouwerter ledegearkomste alris it foarbyld fan de direksjefoarsitter Cramer fan de Fryslânbank foarholden. De man hie noch gjin healjier yn ús lân west, doe't er yn Akedemyfermidden al in bydrage yn ús taal levere. By it âld pepier trof ik ferline wike in stikje, dat dêr wol

aardich; by oanslút: nu werkt een speciaal team ven Fries-sprekende bankiers nog vanuit Groningen'.(LC 30 juny 2003) Staalbankiers hawwe der erch yn, dat Fryslân, Fries en Frysk byinoer hearre.

7. De G2-makelders hiene huzen te keap oan de 'Dongjumervaart', oan de 'Sexbierumervaart' en oan de 'Dongjumer vaart'. (Woninggids zomereditie 2009) De keapers sille har wol ferneukt fiele es se fernimme dat se net oan hollânske vaarten wenje, mar oan Fryske fearten. It kin G2 noch wolris raar opbrekke.
8. Foto LC/Marcel van Kammen hie gjin weet fan De Westereen doe't er de net mear besteande namme Zwaagwesteinde ûnder in mânske foto skreau.(LC 16 maaie) Troch alle drokte en op opskuor by de earste oergong fan Zwaagwesteinde nei De Westerein en de twadde fen De Westerein nei De Westereen fersint it krantefolk him amper mear. Van Kammen stiet, tink, wat bûten de redaksje. Ik haw him skreaun. (letter mear)

Bitgummole, 4 juny 2009.

³¹De lêstneamde namme is my útlein as de hillige perochje, neamd nei Anna. Mer it doarp is de perochje, neamd nei de hillige Anne. Dêrom skriuwe de Bilkers de namme mei in keppelstreekje, St. Annaparochie. Se is de namme offisjeel fêststeld yn de riedsgearkomste fan 28 maaie mei alve fan de fyftjin stimmen.

Wol in betinking, en noch leaver twa, mar net dy fan 1345 mear

Yn 1967 kaam ik foar de earste kear fan myn libben by de Warnsbetinking. It wie fuortendalik foar jierren myn lêste besite oan de betinking. Fan it ferhaal fan de wichtichste sprekker op it klif, Hindrik Aukes fan Vinea Domini, is yn myn ûnthâld neat hingjen bleaun. Út de krantestikken yn myn argyf wit ik dat er yn de pleit gien is foar ferplichte Frysk ûnderwiis, mar lykas sein, dêr stiet my neat mear fan by. Wat ik my lykwols noch al hiel skerp foar de geast helje kin nei 42 jier, is de deifoarsitter Haring Tjittes Piebenga, en dan benammen syn mei sonoare stim foardroegen útspraak: Wy komme der net mei goodwill allinne. Der sille oare, der sille hurder dingen barre moatte.

Kerst Huisman

It wie ien fan de suverste foarmen fan wurdradikalisme út de Fryske Beweging dyt ik ea heard haw. No fielde Haring Tjittes mooglik ek wol as earste oan dat er dy útspraak better net útwurkje koe. De man hie sa syn persoanlike skiednis, lykas wy allegearre witte. Dat noaske my doe ek alhiel net. It wie eins itselde gefoel al dat ik ek wer krige by it lêzen fan de bydrage fan ir. Wytse de Boer yn it foarige nûmer. Mar dy sit lokkigernôch fier fuort yn Súd-Afrika, dy sil net gau nei de Warnsbetinking komme.

Hurdere dingen barden net yn Warns, wol ludike, mar it is de fraach oft Haring Tjittes him dêryn lykfine koe. Sa teagen yn 1970 studinten fan Bernlef mei de reade flagge foarop en yn Mao-tenu nei it Reaklif. Inkelde jierren letter wienen der studinten út deselde rûnte dyt de Ynternasjonale yn it Frysk songen tidens de betinking. Ta grutte konsternaasje fan it stiftingsbestjoer, dat wol.

Dêr wie ik net by. Yn 1983 haw ik der foar it earst wer west, en fan dat jier ôf hast eltse kear. Ik haw der sels al twa kear sprutsen. Dat hie fansels alles te krijen mei de dingen dyt ik yn de Ljouwerter Krante skreau oer Fryske saken. Nei oanlieding fan myn klifrede fan 1988 kaam der sels in aksjegroep ta stân, de FRA. Nettsjinsteade dy wat driigjend oandwaande R yn de midden (fanwege de assosjaasje mei in organisaasjes lykas it IRA) wie dit gewoan in ôfkoarting fan Fryske Aksje. It wie in aardige aksjegroep, dêrt eins ris in kear de skiednis fan skreaun wurde moast.

Doe kaam de kwestje mei dy néonazis út Hollân. Persoanlik hie ik se by wize fan spreken it leafst mei in ploech sterke Wâldmannen de Iselmar yndondere, mar it waard allegearre hiel beskaafd oplost, en dat wie ek mar better. It luts allegearre wol in soad belangstelling en ek folk, mar ek dat is stadichoan wer delbêde.

Dat der Fryksinnige lju binne dy't har net op it Reaklif sjen litte, hat grif te krijen mei de dingen dyt ik hjirboppe beskreaun haw. In part sil fansels wegerje te kommen omdat der in kâns bestiet dat se dêr konfrontearre wurde kinne mei mieningen en persoanen dyt har net oanstean. Mar it meastepart fan de besikers fan it Reaklif op dy septimbermiddei bestiet út alleraardichste lju, neat mis mei. In oar part sil net komme, fanwege somtiden wat radikale uteringen, dyt der te hearren binne. Der binne no ienkear minsken dyt dêr net fan hâlde. Mar ik fyn dat no krekt ien fan de aardige dingen fan de Warnsbetinking.

Miskien is it ek it feit fan de betinking sels, dat wol sizze, dat der - hoevult it perfoarst net it haadtema fan de klifgearkomsten is in fjildslach betocht wurdt, en dan ek noch wol ien út 1345, al wer 664 jier lyn! Dat is wol ryklik lang. Dat dizze slach keazen is om te betinken hat sûnder twivel in soad te krijen mei de emosjonele belutsenens dy't de grûnlizzers al fier foar de Twadde Wrâldoarloch hienen mei de Fryske midsieuwen. Se seagen dat as in tiidrek fan Fryke selsstannigens en frijheid, en dus as Fryske gloarje. Mar dy gloarje is der al lang wat ôf.

Wat op de eftergrûn by de diskusje om Warns altiten wer meispilet is it feit, dat neffens in soad Nederlanners en assimilearre Friezen Frysk nasjonalisme eins sûnder mear fertocht is. Der wurdt net sjoen nei it freedsume en demokratysk-humane karakter fan it Fryske nasjonalisme. Dêrby komt dat yn Nederlân de Nederlânske identiteit de dominante is, dyt de noarm

útmakket en noarmjouwer is, en spiler en skiedsrjochter tagelyk. As it om diskusjes oer de Fryske identiteit giet is de Nederlânske identiteit in non-issue. Dêrom is pleitsjen foar in Frysk kultureel belang yn de eagen fan de trochsnee-Nederlanner in foarm fan nasjonalisme, wylst pleitsjen foar in fuortsterking fan it Nederlânsk gewoan is.

Ferline jier 27 septimber wie ik by it petear yn de Spylde yn Warns útnoege om dêr wat te sizzen oer de Fryske skiedniskanon. Omdat ik oer de ynhâld fan dy kanon noch neat sizze koe, haw ik myn ferhaal oer de needsaak fan dy kanon wat algemien holden, en fierders wat sein oer de betsjutting fan nasjonale ideeën en symboalen foar Friezen en oaren. By dat soarte tinkbylden hearre ek emoasjes. Ik haw doe sein dat it monumint op it Reaklif my emosjoneel alhiel neat die. Ik sei dat ek ûnder de yndruk fan in oar plak fan it histoarysk ûnthâld, dêrt ik de tiisdeis tefoaren noch wie: de Mamajev Koergan yn Wolgograd, mei dat 85 meter hege byld fan dy frou mei it swurd omheech. It is it wichtichste oarlochsmonumint yn Ruslân en dêr op de Mamajev Koergan haw ik wol de triennen yn de eagen hân, omdat ik wit wat allegearre fan dy slach om Stalingrad ôfhongen hat. Sûnder twivel ek in wichtich part fan ús libben. Ik koe merkbite dat myn ferhaal ek by guon betûfte Warnsbetinkers wol oanspruts.

Miskien soenen wy dochs ris ernstich begjinne moatte nei te tinken oer in oare Warnsbetinking. Gerben Abma hat der alris foar pleite yn in stik yn

de Ljouwerter Krante en ik mien Nico Algra ek yn in lêzing by de Fryske Akademy: liz de klam op 1945, it jier fan de befriijing fan it nazidom. Wy hoege de stien op it Reaklif dêrmei net ôf te swarren, en ek kin hjir bêst elk jier in gearkomste plakfine, dyt bygelyks yn it teken stean kin fan de taal en de striid foar it behâld dêrfan. Mar kombinearje dy septimbergearkomste mei in betinking yn maaie. Persoan-

lik soe myn foarkar dan útgean nei 9 maaie, de dei dat yn 1945 oeral yn Europa de wapens swijden, nei de kapitulaasjes yn Reims en Berlyn. Litte wy dan by elkoar komme by it monumint te Dokkumer Nijesilen, ta eare fan de Fryske fersetsbeweging, dyt dêr yn april 1945 de striid opnaam tsjin de Dútskers. Dizze betinking soe dan in bredere betsjutting krije kinne. Mar dan fanút Frysk perspektyf.

Bertus Postma:

Oan Boargemaster D.Stellingwerf

Bitgummole 3 july 2009

Tige achtbere Boargemaster,

Jo namme stie de achtste yn de eksamenkrante. Dat wie de oanlieding foar dit briefke.

Yn âld papier omsneupende trof ik de útspraak oan: hij wordt (daarmee) de eerste burgemeester namens de ChristenUnie in Friesland. (Ljouwerter 15 jannewaris 2008) No haw ik goed tolve jier yn Ferwerderadiel wenne dêr't yn de jierren 1988-2000 de GPV'er Geersing boargemastere. Dat hy wie de earste, tinkt my.

Doe't ik lêzen hie, dat jo fan doel wiene om jo ús lânssprake oan te eigenjen, koe ik it net litte, om jo mei jo beneaming op De Lemmer te lokwinskjen. En jo skreaune op 11 april werom: mijn vrouw en ik gaan na de komende zomermaanden de cursus Fries oppakken. Doe hiene jo jo ynaugurele rede al foar in lyts part yn ús taal útsprutsen. It hoegde net better.

Woansdei de achtste stiene de skoallen yn de krante mei alle bern dy't foar har eineksamens slagge wiene. De Afûk wie de nûmer ien yn yn de rige fan 'skoallen'. Under de Afûklauréaten trof ik bekende nammen: jowes en jo frou harres (Fryslân NF1-dieleksamen), dy fan jo Sweachster kollega frou Ravestein (Fryslân eksamen foar net-Frysktaligen), Buma Menamer gemeenteämtner synt (Frysk yn it offisjele ferkear)... Ik lokwinskje jo en jo oarehelte mei dat NF 1-diploma. De nijgearre kennisse sil jo yn jo wurk oan it Krijgerplein en jo frou by it boadskiprinnen yn Ychtenbrêge grif te'n goede komme.

Wie a zegt moet ook b zeggen, wa't ienris de earste stap set hat moat ek trochsette. Mei in lytse, hjir passende, feroaring: wa't Fryslân NF1-dieleksamen dien hat soe eins ek wol eksamen foar net-Frysktaligen dwaan meie.

Us kommissaris moat ek op les wêze. Neffens de krante fan 16 desimber 2008 hied er de deis tefoaren sein: "Als ik een jaartje verder ben, doe ik het (praten, BJP) helemaal in het Fries" ik wol it yn de steategearkomste fan desimber meimeitsje. Sa'n kommissaris hat Fryslân noch nea han. Sadree't jo sa fier binne, kinne de Lemsters ek soks sizze: "Sa'n boargemaster hat Lemsterlân noch nea han" - jo foar gonger Bosma siet by myn witten de rie net oars as yn it Hollânsk foar.

Tegearre hawwe jo en jo oarehelte de grûnslaggen foar fierdere taalstúdzje lein. En dêr lokwinskje ik beidegearre jitrisk mei. Ik sil takomme jier de Afûkeksamenlisten wer goed neisjen.

Mei Bitgummoolster achtinge,

Mannichien hat tocht dat it oer wie mei 'Lyts Frisia', Mar we binne der noch sa't jimme sûnt it foarige (dûbeld-) nûmer begrepen hawwe. Dêrom roppe wy ús leden en lêzers op om it lidmaatskips- of lêsjild foar 2009 oer te meitsjen op giro 1069535 op namme fan: Skathâlder fan de Jongfryske Mienskip, Tj.H. Haismastrjitte 25, 9251 AV Burgum. Brûk allinne de ûnderstreke namme en net: de ôfkoarting JFM of 'Lyts Frisia'. Yn dy gefallen kloppet de namme net mei it adres en wurdt it jild net oerskreaun! It lidmaatskipsjild is €7,50 en it lêsjild €5.

En fierders is jo kopij noch fan herten wolkom. Dat kinne bydragen wêze op it mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. It folgjende nûmer komt yn desimber út. De kopij foar dat nûmer moat yn-stjoerd wurde foar 1 novimber nei: Redaksje 'Lyts Frisia', Plantage Doklaan 13 1018 MC Amsterdam, E-meel: abma.g@wanadoo.nl. Foar mear ynformaasje: Jan Jongsma, tel. 0511-463869.